

Sjueryleden: Luuk Eisema, Wybo Smidt en Titia Huisman

Ferantwurding

De sjuery is trije kear byinoar west. De kritearia dy't ten grûnslach lizze oan de Pyt van der Zee priis rjochtsje har op it Fryske amateurteäter. De sjuery hat yn de earste gearkomste har fokus binnen dizze kritearia oanskerpe mei ûndersteande oandachtspunten:

- Publyksberik
- Skiednis
- Ympakt en 'Empowerment'
- Strukturele betsjutting foar it amateurfjild
- Kwaliteit
- Aktualiteit
- Kompleksiteit
- Fernijende wearde

Dêrnei hat de sjuery in longlist makke.

Yn de twadde gearkomste is út de longlist, in shortlist gearstald. De sjuery hat de kandidaten út de shortlist wiidweidich lâns alle kriteria hâlden. De úteinlike kar foar de winner is nommen yn de tredde gearkomste. De winner fan de Pyt van der Zee priis foldocht oan in kombinaasje fan alle kritearia.

Want: de winner fan dizze priis hat de tiid nommen om har publyk te finen, troch it leverjen fan konstante kwaliteit, sawol yn rezjy, foarmjouwing as útfiering.

En troch it belûken fan in hiel soad meiwurkers. Dat alles mei in doel: om it maksimale út elke meiwurker te heljen. Dêrta hat dizze priiswinner ynvestearre yn bern en jongerein; yn it ferkennen fan eftergrûnen en kontekst fan de te spyljen foarstellingen wêrtroch de foarstellingen in stevige ynfalshoeke krigen.

Der is ynvestearre yn it publyksberik troch goed gebrûk te meitsjen fan sosjale media en de besteande kulturele netwurken. Der is ynvestearre yn foarmjouwing, yn orizjinaliteit en yn de ynpassing yn de natuerlike omjouwing dêr't de iepenloftproduksjes harren yn ôfspilen.

En as lêste is der ynvestearre yn finânsjes. Der wurdt risiko naam, mar der wurdt net gokt. Koartsein, yn dizze winner komt alles byinoar wat de sjuery fan de Pyt van der Zee priis wichtich fynt: kwaliteit, lef, sosjale koheezje, taal, impact en artistike kwaliteit.

De Pyt van der Zee priis 2025 giet nei toanielstifting 'Kom mar Op' út Suwâld!

Sjueryrapport

Kom mar op! In lytse klup mei grutte ambysjes!

Suwâld. Je ride der nei ta en dan hâldt it op. Is dat sa? Suwâld is in plak dêr't wetter, lân en diken byinoar komme, sa kinst der ek nei sjen. In plak dêr't dingen gearfalle, dêr't profesjonals en amateurs inoar fine, dêr't taal en dûns inoar fersterkje, dêr't entûsjasme besmetlik blykt.

In doarp mei 625 ynwenners, in groep entûsjaste karlûkers, bern, jongerein en folwoeksen amateurspilars, trouwe donateurs, subsidiinten en sponsoren dy't it belang sjogge.

Witte dat mei-inoar teäter meitsje, de boel byinoar bringt. Lef en besef. Dat is 'Kom mar op'.

Doel is it fersterkjen fan Frysktalich toaniel yn Suwâld en omkriten. Spesifiker doel is it maksimale út alle meiwurkers te heljen. Der is gjin ynstapkritarium, elk op syn eigen nivo.

Dat is neffens de sjuery de essinsje fan 'Kom mar op'. Minsken bewege it maksimale út harsels te heljen. Dêrby is de Fryske taal liedend. Taal bringt ús byinoar, taal foarmet in basis fan dyn identiteit. Frysktalige teäterfoarstellingen binne net allinnich foar Friezen. Taal libbet en beweecht. Yn Suwâld wurdt besocht de taal modern en leechdromplich yn it teäter yn te setten.

Ja, der wurdt korrekt Frysk praten en ja it is Frysk fan dizze tiid. Taal docht der ta, in understatement dat net allinnich yn de polityk jildt. Dat de fiertaal fan Fryske toanielferieringen noch altyd Frysk is, is gjin subsidiêre yngreep. It is in djip bewoartele besef fan wêr 'tst weikomst, fan 'e grûn dêr'tst op stiest. 'Kom mar op' wurket mei dat besef.

Is de blik dan nei binnen keard? Sit it dêr mei kranten tichtplakt? Absolút net.

It besef fan it belang fan taal twingt net: de sosjals van 'Kom mar op' binne yn it Nederlânsk, gewoan omdat dyjinge dy't dat mei grutte ynset fersoarget, it noch net yn it Frysk dwaan kin. 'Kom mar op' stiet middenyn har omjouwing. Der binne jongereingroepen, der binne foarstellingen yn it doarpshûs en der wurdt in rike tradysje fan iepenloftspullen boud. Jongerein streamt troch nei it folwoeksen toaniel, guon ek nei it bestjoer en nimme sa hieltyd mear ferantwurdlikens. Sa bouwe je oan in nije generaasje dy't harren ferbynt oan de ferbining.

En dêrmei helle 'Kom mar op' it maksimale út harsels. De feriening hat de ôfrûne jierren in enoarme ûntwikkeling trochmakke. Under de besieljende lieding fan in regisseur mei lef en in dúdlike fyzje op kwaliteit en artistike wearde. In regisseur dy't de jongerein wit te ynspirearjen sadat it toaniel libbet, groeit en bloeit. Fan ferhalejûnen yn 'Jûnspraak' nei it prachtich foarmjûn 'Oera Linda' fia 'Op hoop van Zegen' en 'Sil de strânjutter' nei 'Parandello'. In foarstelling oer in reizgjend sirkus dat ferskate doarpen oandie yn Fryslân. Ynklysyf parade en sirkusworkshop dy't yn elk fan 'e doarpen op 'e nij en oars organisearre waarden mei sa'n 200 frijwilligers. In megaklus wêrby in hiele soad minsken yn beweging kamen.

Râneprogrammearring, ek by 'Sil de strânjutter', soarget derfoar dat doarp en besikers de kontekst fan in foarstelling meikrije.

Teäter wurdt dan net allinnich wêr'tst nei sjochst, mar jo drage as besiker by oan de útfiering, it teäter.

As jo nei de parade fan 'Parandello' stiene te sjen, dan wiene je dêrmei ûnderdiel fan de hiele belibbing. Wy sjogge dat ek feroarjen yn it profesjonele oanbod en it tsjûget fan lef dat in amateurferiening dêrmei eksperimentearret.

It iepenloftspul mei dan it meast yn it each springe, 'Kom mar op' docht folle mear. It is in goed oaljede organisaasje, mei ferskate ôfdielings: jongerein, projekten, iepenloft en de foarstellingen binnendoar. Der is romte foar ynsidente projekten, dy't neist de foarstellingen realisearre wurde. Dêrmei jout 'Kom mar op' harsels de kâns om op de aktualiteit yn te springen. Foarbylden dêrfan binne: gearwurkje mei Amsterdamske keunstners en it meiwurkjen oan de iepening fan de Sintrale As mei 'De Passant'. Dat kin net sûnder in entûsjast bestjoer en meiwurkers.

'Kom mar op' is har bewust fan har sosjale funksje yn Suwâld en omjouwing. It giet om mei-inoar. Dat jildt foar alle disciplines: dekbouwers, spilers, kostúmnaaisters en de frijwilligers dy't by de foarstelling belutsen binne. Der is altyd omtinken foar it sosjale aspekt. In praatsje mei in bakje kofje en meiinoar grutsk op it risseltaat.

Mei dizze priis wol de sjuery har grutte wurdearing uterje foar 'Kom mar op' as kulturele en as binende aktor yn in tiid wêr't mieningen ús útinoar driuwe kinne.

In tiid wêryn in tebekgeande beweging feilichheid liket te bieden is it sa wichtich dat der minsken binne dy't karrefrachten fol kulturele wille doare del te setten.

Dat der minsken binne dy't oaren oantrúne om it bêste út harsels te heljen. Dat der minsken binne dy't bern meinimme yn de wille fan teäter meitsjen. Yn 'Kom mar op' eare wy alle ferienings dy't doare, dy't minsken belûke en dy't amateurs ferbine mei profesjonals.

Dizze priis is hiel wichtich. It amateurfjild is yn Fryslân fan belang. It soarget foar koheezje yn de stêd en op it plattelân. It soarget foar Fryske taalûntwikkeling en it bringt talinten dy't harren spoaren yn it teäter poerbêst witte te fertsjinjen.

Der is gjin artyst grut wurden sûnder lyts west te hawwen. Ynteresse foar kultuer begjint net grut, it begjint om'e hoeke. Omdat jins mem alle jierren spilet yn de toanielfoarstelling, as omdat dyn pake altyd de dekôrs timmeret.

Der binne yn Fryslân mear as 135 toanierferieningen, koesterje se. Dizze priis helpt dêrby.

Want er moeten mensen zijn die bellen blazen en weten van geen tijd, die zich kinderlijk verbazen over iets wat barst van mooiigheid. Die mensen moeten er zijn. (Toon Hermans)